

42 Yn de trein

Ride ride,
in hiel ein.
Ride ride,
mei de trein.
Ride ride retsje,
in mantsje mei in petsje,
ride ride raatsje,
freget om myn kaartsje.

Suggestjes

- De bern rinne achterinoar oan en sizze it ferske op. In stik of wat bern ha in kaartsje yn 'e hân. De kondukteur stiet oan 'e kant. As it ferske út is stiet de trein stil. It bern dat neist de kondukteur stiet moat it kaartsje sjen litte. As it bern in kaartsje hat mei it fierder reizgje. As it bern net in kaartsje hat moat it útstappe.
- Je kinne ek ôfprate dat de kondukteur alle kearen in oantal reizgers kontrolearret.

